

# It lot fan Tea

105

## LIED

'k wol it lot fan Tea be- sjo- on- <sup>C</sup>ge, stoer-der fis- ket wie der net. Hy fer-

5 \*3 4 4 \*4 5 5 \*3 \*2 \*2 3 3 3 4 \*2 3 \*3 4

## REFREIN

<sup>5</sup>lear as foe- ge jo- on- <sup>C</sup>ge oan é Su- der- see syn hert. Su- der

4 4 \*4 5 5 \*3 \*2 \*2 3 3 4 \*2 3 3 6 6 4 4

<sup>9</sup>see dyn skom- jend wiid, 't is in sang ut al- de tiid.

6 6 6 6 5 5 5 6 6 \*5 7 6 6 6 6 4 4 4 4

<sup>13</sup>

6 6 6 6 5 5 5 6 6 \*5 7 6 5 3 6 4 4 4 4

1. C/c 2. C/c

2. Troch de wyld oerstjoere ba-a-ren,  
brusde de aak fan sterke Tea.  
En yn stoarmen en gefa-a-ren  
wun hy wiif en bern it brea. REFR.

3. Mar de nije tiden sprutsen  
't oardiel oer de Sudersee.  
Al syn macht en rom wie brutsen  
en de Ofslutdyk kaan ree. REFR.

4. Ja. de see koe 't inkeld witte  
en de moanne ruch en rea.  
Sylde ien de nacht temjitte,  
't wie de aak van sterke Tea. REFR.

5. Yn dy nacht ha de stoarmen  
bold'rjend op e skoarstien stien.  
Wee, dy't doe oer 't wetter doarmen,  
binn mei man en mus vergien. REFR.

4. Amper njoggen dagen letter  
spielde der in manljuslyk.  
Roeike fan it widzjend wetter  
tsjin't basatl fan de Ofslutdyk. REFR.

5. Sjong nu see in liet fan smarte  
om de stoere fisker Tea.  
Oan é see joech hy syn herte,  
yn'é see fun hy syn dea. REFR.

